

Oan de fraksje fan de ChristenUnie
t.o.f. dhr. L. van der Pol

Ljouwert, 8 maart 2022

Ferstjoerd,

15 MAART 2022

Ús merkteken : 01969589
Ôfd/Opjefte : Streekwurk
Opsteld troch :
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Underwerp : beântwurding skriftlike fragen oer de evaluaasje fan de doarpshuzen
regeling

Achte hear Van der Pol,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 42 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op
14 febrewaris beântwurdzje wy as neikomt.

Jo ynliding:

*Yn de Steategearkomste fan 27 novimber 2019 is de subsydzjeregeling IMF en
moetingsplakken fêststeld. Derby is in tasizzing dien dat der nei 1 jier in evaluaasje plak
fine sil. Troch de oergong fan de doarpshuzeregeling nei it IMF is ek om monitoaring fan de
subsydzje-oanfragen foar de moetingsplakken frege. Lykwols hawwe wy dizze evaluaasje
noch net tastjoerd krigen.*

Fraach 1:

Wannear kin PS de evaluaasje subsydzjeregeling IMF en moetingsplakken ferwachtsje?

Antwurd fraach 1:

Op fersyk fan jo Steaten is de evaluaasje fan de yntegraasje fan de doarpshuzeregeling yn
it IMF nei foaren helle. Foar it simmerreses kinne jo it ûndersyk dat wy ekstern útset hawwe
ferwachtsje. Dêrnjonken hat PS op 16 desimber 2020 in kwantitative evaluaasje fan de
yntegraasje fan doarpshuzeregeling ûntfongen. Skaaimerke: 01822111

Fraach 2:

Op hokker wize wurdt/is der yn de evaluaasje werom sjoen nei de wize wêrop't der kommunisearre is nei de doarpshuzen oer de nije doarpshuzeregeling yn it IMF?

Antwurd fraach 2:

Dat wurdt net yn de evaluaasje meinaam. Alle doarpshuzen dy't yn byld wiene by Doarpswurk binne ynformearre oer de doe oanstearde yntegraasje. It evaluaasjeûndersyk rjochtet him der benammen op oft de doelen dy't PS mei de yntegraasje foar eagen hie behelle binne en hoe't moetingssplakken no betsjinne wurde.

Fraach 3: Op hokker wize is Doarpswurk belutsen west by de foarming fan en de kommunikaasje nei de nije regeling?

Antwurd fraach 3:

Doarpswurk siet yn de projektgroep dy't dwaande wie mei de yntegraasje fan de doarpshuzeregeling yn it IMF. Doarpswurk hat meitocht oer hoe't it lepen Mienskipsfûns foar de grutte moetingssplakoanfragen it bêste wizige wurde koe.

Fraach 4:

Binne der by it kolleezje situaasjes bekend fan doarpshuzen dy't ûnder dizze nije regeling yn ferhâlding minder of gjin subsydzje krigen ha as men dat fergeliket mei de âlde doarpshuzeregeling? Graach mei motivaasje.

Antwurd fraach 4:

Dat is wichtich ûnderdiel fan de evaluaasje dy't jofoar it simmerreses fan 2022 ûntfange sille.

Fraach 5:

Binne der by it kolleezje doarpshuzen bekend dy't troch oanpassings yn de regelings of kombinaasjes fan regelings yn de knipe kommen binne of komme mei de realisasje fan projekten dy't al foar 2020 yn gong set binne? Graach mei motivaasje

Antwurd fraach 5:

Ek dat is in wichtich ûnderdiel fan de evaluaasje, wy ynformearje jo Steaten dêr foar it simmerreses 2022 oer.

Fraach 6:

Is der mei partijen dy't al dwaande wienen mei nije oanfragen foar nijbou pro-aktyf kommunisearre (en op hokker wize) om de konsekwinsjes fan de nije regeling goed yn byld te krijen?

Antwurd fraach 6:

Ja, alle doarpshûzen dy't in byld wienen binne ynformearre oer de yntegraasje fan de doarpshuzeregeling yn it lepen Mienskipsfûns troch de adviseurs fan Doarpswurk en Streekwurk (sjoch fraach 2). Krekt foar de yntegraasje hawwe der noch doarpshuzen yn de lêste moannen in oanfraach dien. Oaren hawwe krekt mei sin wachte en nei de yntegraasje in oanfraach dien omdat dat better by harren moetingssplak paste.

Fraach 7:

Is der ek oerwage om in oergongsregeling op te tugen?

Antwurd fraach 7:

Nee, jo Steaten hawwe besluten sûnder oergongsregeling te wurkjen.

Fraach 8: Kin der in steat fan subsydzjeútkearings foar meetingsplakken sa as doarpshuzen (fan 1-1-2020 oant no) meistjoerd wurde?

Antwurd fraach 8:

Ek dat fine jo werom yn de evaluaasje dy't foar it simmerreses nei jo takomt.

Fraach 9:

Kin yn de evaluaasje ek it ferskil oanjûn wurde tusken de wize wêrop't nijbou fan doarpshuzen (foar in part) bekostige wurdt yn fergeliking mei de wize wêrop't dat ûnder de âlde regeling plak fûn? (benammen saken as de hichte fan subsydzje, easken mei it each op ko-finansiering, duorsume easken)

Antwurd fraach 9:

Nee, dat wurdt net meinaam. De âlde regeling foldie net foar sawol inisjatyfnimmers as de provinsje. Der bleau alle jierren in soad jild lizzen. De reden dêrfoar wie dat it jild allinnich foar doarpshûzen beskikber wie. De hjoeddeistige fraach giet om meetingsplakken: doarpskeamers, tsjerken, âlde skoallen en sportakkommodaasjes.

Fraach 10:

Kaam earder en komt no steapelning fan subsydzjes foar? Wêrom net/wol?

Antwurd fraach 10:

Yn de measte regelings fan de provinsje Fryslân is meinaam dat it steapeljen net tastien is sadat de provinsje net harren eigen ko-finansier is. Streekwurk adviseurs helpe inisjatyfnimmers altyd mei it sykjen nei oare subsydzjes (Ryksjild en Europeesk jild) .

Fraach 11:

Ferwachtet it kolleezje dat de beskikbere middels foldwaande binne oant 2023?

Antwurd fraach 11:

Ja, it kolleezje ferwachtet dat der foar dit jier, oant 2023, genôch jild yn it IMF sit.

Fraach 12:

Hat de wurkwize fan dizze nije regeling mei as útfieringspartner Streekwurk oant no ta oan de ferwachtings foldien? Graach mei motivaasje.

Antwurd fraach 12:

De Steaten hawwe besletten om de wurkwize fan it IMF ta te passen op meetingsplakken om it sa foar de inisjatyfnimmer ienfâldiger te meitsjen. De wurkwize wurdt ek meinaam yn de evaluaasje. Yn de brief fan 16 desimber 2020 skaaimerke: 01822111(sjoch fraach 1) is

útlein dat der no mear jild yn 't jier nei moetingplakken giet as foarhinne en dat der no ek in breder skala oan moetingplakken betsjinne wurdt.

Fraach 13:

As fêststeld wurdt dat der partijen binne, dy't troch de feroarings by einbeslút minder subsydzje krigen ha – en dêrmei net wittend yn de knipe kommen binne - as op grûn fan de âlde regeling yn de ferwachting lei, op hokker wize wol it kolleezje dizze partijen temjitte komme?

Antwurd fraach 13:

Wy komme dizze partijen net temjitte.

Yn de beliedsbrieff leefberens stiet hjiroer:

“Uit de evaluatie is gebleken dat er behoefte is aan een ontmoetingsplek waar verbindingen kunnen ontstaan en dat tevens dienst als ‘brûsplak’ voor inspiratie. In de afgelopen jaren hebben wij hiertoe dorpshuizen ondersteund. Deze functie blijkt niet meer voorbehouden aan dorpshuizen. Wij vinden, in het licht van de brede leefbaarheidsdoelstelling, dat een exclusieve regeling voor dorpshuizen daar niet meer bij past. De gemeenten zijn als eersten aan zet bij het in stand houden van voorzieningen met betrekking tot leefbaarheid. Met het restant aan middelen bouwen we de regeling af in 2019 – 2020 en zal in het netwerk besproken worden hoe de provinciale partnerrol gedefinieerd kan worden aansluitend bij de ontwikkelingen die uit de evaluatie naar voren zijn gekomen.”

Boppesteande koers is trochset by de yntegraasje fan moetingplakken yn it IMF.

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter



R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris

foar dizze, de loko-provinsjesekretaris